

MAIN
*Multilingual Assessment Instrument
for Narratives*

N. Gagarina, D. Klop, S. Kunnari,
K. Tantele, T. Välimaa,
U. Bohnacker & J. Walters

West Frisian version

Translated and adapted by
Evelyn Bosma & Jelske Dijkstra
(based on the revised version in English)

© ZAS Papers in Linguistics 64 (2020)

How to cite this version:

Bosma, E. & Dijkstra, J. (2020). Multilingual Assessment Instrument for Narratives (MAIN) adapted for use in West Frisian. *ZAS Papers in Linguistics*, 64, 63–68 (see this paper for more information about the West Frisian version).

Gagarina, N., Klop, D., Kunnari, S., Tantele, K., Välimaa, T., Bohnacker, U. & Walters, J. (2019). MAIN: Multilingual Assessment Instrument for Narratives - Revised. Materials for use. *ZAS Papers in Linguistics*, 63. West Frisian version. Translated and adapted by Bosma, E. & Dijkstra, J.

MAIN: West Frisian version

Meartalich Assessment Ynstrumint foar Narrativen

Evelyn Bosma & Jelske Dijkstra

It *Multilingual Assessment Instrument for Narratives* (MAIN) is yn 2012 ûntwikkele om de narrative feardigens, oftewol de fertelfeardigens, te beoardieljen fan bern dy't fan de berte of fan jonge leeftyd ôf ien of meardere talen ferwerwe. MAIN is yn it foarste plak ûntwikkele foar bern tusken 3 en 10 jier âld, mar resint ûndersyk lit sjen dat it ynstrumint ek by âldere bern, adolesinten en folwoeksenen brûkt wurde kin. MAIN is sa ûntwurpen dat it it begryp en de produksje fan narrativen teste kin yn meardere talen by itselde bern mei ferskillende manieren fan útlokking: Modelferhaal, Neifertelle, en Fertelle. De ferzje fan 2012 is ûntwikkele op basis fan wiidweidige pilotstúdzjes mei mear as 500 ientalige en twatalige bern fan 3 oant 10 jier foar 15 ferskillende talen en taalkombinaasjes.

Yn 2019 waard de oarspronklike Ingelske ferzje oanpast op basis fan mear as 2.500 transkribearre MAIN-narrativen en 24.000 antwurden op MAIN-begrypsfragen, sammele tusken 2013 en 2019 ûnder likernôch 700 ientalige en twatalige bern yn Dútslân, Ruslân en Sweden. De hjoeddeiske West Fryske ferzje is basearre op dy lêste Ingelske ferzje fan 2019.

MAIN befettet fjouwer parallelle ferhaaltsjes, elk mei in soarchfâldich ûntwikkele rige fan seis plaatsjes, basearre op in multidiminsjonaal model foar ferhaalopbou. De ferhaaltsjes binne kontrolearre foar kognitive en taalkundige kompleksiteit, parallellen yn makrostruktuer en mikrostruktuer, en foar kulturele geskiktens en betrouberens.

Hoewol't de MAIN noch net normearre is, kinne de standaardisearre prosedueres foar evaluaasje-, yntervinsje- en ûndersyksdoeleinen brûkt wurde. Foar mear detaillearre ynformaasje oer it brûken fan MAIN, sjoch it (Ingelsktalige) haadstik "*Background on MAIN – Revised, how to use it and adapt it to other languages*" in *ZAS Papers in Linguistics* 63 (2019, pp. iv-xii), dat beskikber is fia dizze link: <https://zaspil.leibniz-zas.de/issue/view/53>.

Dit dokumint befettet:

- Rjochtlinen foar assessment
- Protokollen, Skoareformulieren foar *Poes, Hûn, Babyfûgels, Babygeiten*
- Eftergrûnfragen
- Ferhaalskripts

Rjochtlinen foar assessment

MAIN is yn it foarste plak bedoeld foar bern fan likernôch 3 oant 10 jier âld, mar kin ek by âldere bern, adolesinten en folwoeksenen brûkt wurde. MAIN kin brûkt wurde om it begryp en de produksje fan narrativen te ûndersykjen. Der kinne ferskillende manieren fan útlökjen brûkt wurde: Modelferhaal, Neifertelle, Fertelle. De kar foar in spesifike útlökkingsproseduere (bygelyks Modelferhaal/Neifertelle folge troch Fertelle, of allinnich Fertelle) hinget ôf fan it doel en de fraach fan it assessment. (Undersikers/testlieders kinne hjir harren eigen oardiel yn folgje.)

Mei it MAIN-ûntwerp kin in bern yn meardere talen ûndersocht wurde. It makket net út hokker taal oft der earst test wurdt. By twatalige bern soe it testynterval tusken de twa talen by foarkar 4 oant 7 dagen wêze moatte. Dit is fan belang om beynfloeding tusken de twa talen en trainings- en oerdrachtseffekten te minimalisearjen. By foarkar wurdt it bern net yn beide talen troch deselde persoan test. Sa leit de klam op in ientalige kontekst en wurdt koadewikseling tsjingongen.

Materialen


- 4 ferhaalrigen: *Babyfûgels*, *Babygeiten*, *Poes* en *Hûn* (trije eksimplaren fan elk ferhaal (yn kleur), elk eksimplaar yn in aparte slúf: 12 ferskillende sluwen yn totaal)
- 4 ferhaalskripts/stimulusteksten: *Babyfûgels*, *Babygeiten*, *Poes* en *Hûn*
- Opnameapparatur (audio of fideo)
- Skoaringsprotokollen foar de analyze fan de makrostruktuer, termen foar inerlike tastannen en begrypsfragen
- Eftergrûnfragen (âlderfragelist)

Ynstrukjes

Tarieding fan de materialen

1. Laad de plaatsjes fan www.leibniz-zas.de/en/service-transfer/main
2. Printsje elk PDF-bestân (d.w.s. elke rige plaatsjes/elk ferhaal) trije kear, mei in printer fan goede kwaliteit yn kleur op wyt papier fan A4-formaat. Elk plaatsje moat in formaat hawwe fan 9 by 9 sentimeter.
3. Nûmerje de plaatsjes (1-6) op 'e efterkant.
4. Knip de twa rigen plaatsjes út.
5. Plak de plaatsjes oan elkoar sadat in strook fan 6 plaatsjes ûntstiet - sjoch it foarbyld hjirûnder - en tear dizze twa kear (plaatsje 1, plaatsje 2, tear, plaatsje 3, plaatsje 4, tear, plaatsje 5, plaatsje 6).

Let op: Knip en brûk net de lytse plaatsjes fan de "hoe-te-tearen" ynstruksjes.



6. Doch elke rige/strook plaatsjes (6 plaatsjes) yn in aparte slúf. Soargje derfoar dat elke slúf in oare kleur hat, of in oar ûnderskiedend merkteken (bgl. stipkes), sadat it ferhaal werkend wurde kin.

Utfiering fan it assessment

- Soargje derfoar dat jo genôch fertroud binne mei de ferhaalprotokollen en ynstrukjes.
- Set de audio/fideoapparatuer klear foardat de sesje begjint. Begjin mei it opnimmen fan de yntroduksje. Soargje derfoar dat jo de hiele sesje opnimme, ek de antwurden fan it bern en de begrypsfragen.
- De yntroduksje fan 'e sesje is basearre op jo eardere ûnderfining en kulturele omjouwing. Meitsje kontakt wylst jo mei it bern prate, stel it bern op syn/har gemak en stel in pear fragen om der wis fan te wêzen dat it bern ienfâldige wa/wat/wêr/wêrom-fragen begrypt. Freegje bygelyks: Wa is dyn bêste freontsje/freondintsje? Wêr sjochst graach nei op 'e telefyzje? Fertelst graach ferhaaltsjes? Fynst it moai om nei ferhaaltsjes te lústerjen?
- Soargje derfoar dat de trije slugen mei deselde rige plaatsjes op 'e tafel lizze foardat it assessment begjint. (It doel fan dizze wize fan presintearjen is dat it bern tinkt dat de ûndersiker/testlieder net wit hokker ferhaaltsje oft der yn 'e slúf sit dy't hy/sy keazen hat. Sa wurde - tidens de presintaasje fan 'e rigen plaatsjes - effekten fan dielde kennis foarkommen.)
- Fier it assessment út sa't foarskreaun is yn 'e ynstruksjen foar de ferhaalprotokollen. Hâld jo ek oan de oanwizings foar it oantrúnjen fan 'e bern om se oan it praten te krijen (sjoch ek de oanwizings foar it oantrúnjen hjirûnder).
- Oanfoljende ynformaasje oer de presintaasjes fan 'e plaatsjes: Tidens it eksperimint moatte jo tsjin it bern oer sitte sadat it bern de plaatsjes mei de foarkant nei him/har tahâlde kin en jo de plaatsjes net sjen kinne. As it bern de plaatsjes út 'e slúf nimt, fertelle jo him/har om se út te tearen en nei it hiele ferhaal te sjen, te begjinnen by it earste plaatsje. Sis: *“Sjoch nei de plaatsjes, mar lit se net oan my sjen. Allinnich DO meist it ferhaal sjen.”* (As it bern de plaatsjes sels net fêsthâlde en útteare kin, dan meie jo se ek fêsthâlde, op sa'n manier dat it bern de plaatsjes sjen kin, mar jo net.)
- As it bern ree is om it ferhaal te fertellen, help him/har dan om de plaatsjes wer yn 3 dielen op te tearen. Jo kinne helpe mei it tearen sûnder nei de plaatsjes te sjen wylst it bern de plaatsjes noch hieltyd fêsthâldt. Ynstruearje it bern om te begjinnen mei it fertellen fan it ferhaal wylst hy/sy nei de earste twa plaatsjes sjocht. As hy/sy klear is mei it sjen nei plaatsjes 1 en 2, soargje der dan foar dat de folgjende twa plaatsjes útteard wurde (plaatsjes 1-4 binne no útteard). As it bern klear is, soargje der dan foar dat de folgjende twa plaatsjes útteard wurde sadat it hiele ferhaal no útteard is.
- As it bern klear is mei it fertellen of neifertellen fan it ferhaal, yntrodusearje dan de begrypsfragen troch te sizzen: *“No sil ik dy in pear fragen oer it ferhaal stelle.”* Soargje derfoar dat de rigen mei plaatsjes by it stellen fan de begrypsfragen útteard en goed sichtber binne foar it bern en de ûndersiker/testlieder.
- Skriuw, as de sesje klear is, de narratyf/narrativen út en notearje de skoares foar de produksje en it begryp op de skoareformulieren.
- **Unthâld:** De list fan mooglikheden op it skoareformulier is net útputtend. It bern krijt in punt as in makrostruktuurkomponent (Doel, Besykjen, Resultaat, Inerlike Tastânterm) yn gaadlike bewurdings útdrukt wurdt. Rieplachtsje de Appendix yn 'e hantlieding foar rjochtlinen.

Oanwizings foar it oantrúnjen

1. Begjin it ferhaal net foar it bern, mar moedigje it bern oan om it ferhaal sels te fertellen troch te sizzen: *“Fertel my it ferhaal”* (wiis nei it plaatsje).
2. Jou pas nei 10 sekonden wachtsjen in oanset, en doch dit allinnich as it derop liket dat it bern neat sizze sil. Allinnich dan mei it bern oantrúnd wurde, earst troch te sizzen: *“Okee...”, “Ja...”, “Dyn beurt...”*. Wês HIEL foarsichtich mei it oantrúnjen om ferskillen tussen ûndersyksgroepen foar te kommen, d.w.s. effekten fan ûndersiker/testlieder. Wachtsje likernôch 10 sekonden; as it bern dan noch hieltyd stil is, moedigje him/har oan troch te sizzen: *“Fertel my wat der gebeurt”*. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, moedigje him/har dan oan om troch te gean en mear te fertellen: *“Noch mear?”, “Gean*

mar troch", "Fertel my nochris wat mear", "Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is".

3. It docht der net ta hoe't it bern tidens it ferhaal nei de haadpersoan ferwiist; korrijearje it bern net. As it bern it wurd foar in aksje, haadpersoan ensfh. net fine kin, moedigje him/har dan oan troch te sizzen: "Kinst it neame sa'tst wolst", "Hoe soesto it neame?".
4. Foarkom dat jo de folgjende fragen stelle:
 - a) "Wat is er hjir oan it dwaan?", "Wa is der oan it draven?"
 - b) "Wat is dit?", "Wat/wa sjochst op it plaatsje?"
 (dit is om derfoar te soargjen dat it ferhaal fan it bern net ûnderbrutsen of beynfloede wurdt, om it brûken fan ûnfolsleine sinnen te ûntmoedigjen en om deiktyske ferwizingen foar te kommen).
5. As it bern in ferhaal oer syn/har eigen ûnderfinings begjint te fertellen, bgl. "Ik seach fan 'e moarn noch sa'n fûgel" of "Ik sil nei skoaltid mei ús mem nei de supermerk ...", jou it bern dan wat tiid om oer syn/har eigen ûnderfining te praten en freegje dêrnei freonlik om it ferhaal fan de plaatsjes te fertellen (Nim dit yrrrelevante part fan de narratyf *net* mei yn 'e analyse).
6. Jo kinne it bern oanmoedigje op basis fan jo eardere ûnderfining en kulturele omjouwing, bgl. "Moai sa", nei elk pear plaatsjes (en foardat it folgjende pear útteard wurdt). (Dit kin dejinge dy't transkribearret/kodearret ek helpe om de ferskillende uterings te keppeljen oan in spesifyk pear fan plaatsjes.) Doch dit net wannear't jo it gefoel hawwe dat dit de narratyf of de tinkwize fan it bern ûnderbrekt.

Ferlikings tusken ferhalen: wat te dwaan en wat te litten

- As jo in bern yn twa talen teste, brûk dan *net* Poes en Hûn foar de iene taal en Babyfûgels en Babygeiten foar de oare.
- Brûk ek net in ferliking tusken Poes en Hûn op it iene momint en Babyfûgels en Babygeiten op it oare.
- Wêrom? De MAIN-ferhaaltsjes kinne net samar op alle manieren ferlike wurde. Resinte ûndersiken litte sjen dat de ferhaaltsjes yn nuânse fan inoar ferskille, benammen as it giet om de begrypsfragen. Babyfûgels en Babygeiten binne rûchwei itselde; Poes en Hûn lyksa, mar se ferskille yn in pear opsichten fan Babyfûgels en Babygeiten, bgl. yn ferhaalline, tal persoanen en guon begrypsfragen. Soargje der dus foar dat der gjin 'appels mei parren ferlike wurde'.
- Soargje der by it testen fan groepen bern mei de MAIN foar dat der passende prosedueres foar *counterbalancing* tapast wurde om de ynfloed fan it ferhaal en de wize fan útlokking (Modelferhaal, Neifertelle, Fertelle) te minimalisearjen (sjoch hjirûnder).

Prosedueres foar counterbalancing foar ûndersyksdoeleinen

De folchoarder fan presintaasje moat oangeande taal en ferhaal *counterbalanced* wêze (Poes/Hûn: (benammen) Modelferhaal/Neifertelle en Babyfûgels/Babygeiten: (benammen) Fertelle). Brûk de folgjende manier om te *counterbalancen* (as allinnich ien taal ûndersocht wurdt, brûk dan de randomisearringsproseduere foar bern, of nûmer 1, 2, 5 en 6, of nûmer 3, 4, 7, en 8):

Bern nûmer	Taal	Modelferhaal/ Neifertelle	Fertelle	Taal	Modelferhaal/ Neifertelle	Fertelle
1	T1	Poes	Babyfûgels	T2	Hûn	Babygeiten
2	T1	Poes	Babygeiten	T2	Hûn	Babyfûgels
3	T2	Poes	Babygeiten	T1	Hûn	Babyfûgels
4	T2	Poes	Babyfûgels	T1	Hûn	Babygeiten
5	T1	Hûn	Babyfûgels	T2	Poes	Babygeiten
6	T1	Hûn	Babygeiten	T2	Poes	Babyfûgels
7	T2	Hûn	Babygeiten	T1	Poes	Babyfûgels
8	T2	Hûn	Babyfûgels	T1	Poes	Babygeiten

Tink der op 'e nij om dat de resultaten fan 'e ferskillende ferhaaltsjes en útlökkingsprosedueres net samar ferlike wurde kinne (sjoch hjirboppe).

Protokol foar Poes

Fertelle / Neifertelle / Modelferhaal

Namme fan bern: _____
Bertedatum: _____
Testdatum: _____
Leeftyd op test (yn moannen): _____
Geslacht: _____
Namme fan testlieder: _____
Bleatstelling T2 (yn moannen): _____
Datum begjin basisskoalle: _____
Namme fan basisskoalle: _____

Soargje derfoar dat alle slugen op 'e tafel lizze foardat de testôfname begjint. Set it opnameapparaat klear sadat de testsesje opnommen wurde kin. Begjin de opname foar de yntroduksje.

Yntroduksje

Freegje bygelyks: Wa is dyn bêste freontsje/freondintsje? Wêr sjochst graach nei op 'e telefyzje? Hâldst derfan om ferhalen te fertellen? Hâldst derfan om nei ferhalen te lústerjen?

Ynstruksjes

Ynstruksjes foar Fertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan meisto my in ferhaal fertelle. Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. Sjoch earst nei it hiele ferhaal. Bist der klear foar?*

Tear plaatsje 1 en 2 út. Sis tsjin it bern: *Ik wol datst it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *“Fertel my it ferhaal mar”* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan 'e earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *“Noch mear?”, “Gean mar troch”, “Fertel my nochris wat mear”, “Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is”*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *“Sis it my mar ast klear bist”*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*“Goed dien”*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Neifertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes

út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dan meisto it wer oan my fertelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in boartlike poes dy't in giele flinter op in strúk sitten seach. Hy sprong nei foaren omdat er him fange woe. Yntusken kaam in fleurige jonge werom fan it fiskjen mei in amer en in bal yn 'e hannen. Hy seach nei de poes dy't de flinter achternei siet.*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De flinter fleach gau fuort en de poes foel yn in strúk. Hy die him sear en wie hiel liik. De jonge wie sa skrokken dat de bal him út 'e hân foel. Doe't er syn bal yn it wetter rôljen seach, rôp er: "O nee, dêr giet myn bal." Hy hie fertriet en woe syn bal werom hawwe. Yntusken seach de poes de jonge syn amer en tocht: "Ik wol in fisk pakke."*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Tagelyk begûn de jonge mei in angel syn bal út it wetter te lûken. Hy murk net dat de poes in fisk pakt hie. Uteinlik wie de poes hiel bliid dat er sa'n lekkere fisk ite koe en de jonge wie bliid dat er syn bal werom hie.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Tear plaatsje 1 en 2 út sadat de earste twa plaatsjes allinnich foar it bern sichtber binne. Sis tsjin it bern: *No wol ik datsto it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *"Fertel my it ferhaal mar"* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *"Noch mear?", "Gean mar troch", "Fertel my nochris wat mear", "Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is"*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *"Sis it my mar ast klear bist"*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*"Goed dien"*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Modelferhaal

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dêrnei sil ik dy in pear fragen stelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in boartlike poes dy't in giele flinter op in strúk sitten seach. Hy sprong nei foaren omdat er him fange woe. Yntusken kaam in fleurige jonge werom fan it fiskjen mei in amer en in bal yn 'e hannen. Hy seach nei de poes dy't de flinter achternei siet.*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De flinter fleach gau fuort en de poes foel yn in strúk. Hy die him sear en wie hiel liik. De jonge wie sa skrokken dat de bal him út 'e hân foel. Doe't er syn bal yn it wetter rôljen seach, rôp er: "O nee, dêr giet myn bal." Hy hie fertriet en woe syn bal werom hawwe. Yntusken seach de poes de jonge syn amer en tocht: "Ik wol in fisk pakke."*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Tagelyk begûn de jonge mei in angel syn bal út it wetter te lûken. Hy murk net dat de poes in fisk pakt hie. Uteinlik wie de poes hiel bliid dat er sa'n lekkere fisk ite koe en de jonge wie bliid dat er syn bal werom hie.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Neidat jo *"En dat is de ein fan it ferhaal"* sein hawwe, stelle jo de begrypsfragen.

Skoareformulier foar Poes

Diel I: Produksje

A. Ferhaalstruktuer; B. Strukturele kompleksiteit; C. Termen foar beneamen inerlike
tastân personaazje 'Inerlike Tastân Termen' (ITT)

A. Ferhaalstruktuer

		Foarbylden fan korrekte antwurden¹	Skoare
A1.	Setting	Tiid- en/of plakferwizing, bgl. der wie ris/op in dei/lang lyn... by de mar/oan 'e kant fan 'e rivier/by it wetter/by de sleat/yn 'e greide...	0 1 2 ²
<i>Episoade 1: Poes (Episoadepersonaazjes: poes en flinter)</i>			
A2.	ITT as foarfal begjint	Poes wie boartlik/ nijsgjirrich Poes seach in flinter	0 1
A3.	Doel	Poes woe de flinter fange/ pakke/ achterfolgje/ achternei sitte/ mei de flinter boartsje om de flinter te fangen/ pakken/ achterfolgjen/ achternei te sitten om mei de flinter te boartsjen	0 1
A4.	Besykjen	Poes sprong nei foaren/ omheech Poes jage, joech/ begûn te jeien Poes besocht (om) de flinter te fangen/ pakken/ achterfolgjen/ achternei te sitten	0 1
A5.	Resultaat	Poes foel yn 'e strúk/ krige de flinter net te pakken/ wie net fluch genôch Flinter ûntsnapte/ fleach fuort/ wie te fluch	0 1
A6.	ITT as reaksje	Poes wie teloarsteld/ lilik/ hie pine Flinter wie bliid/ opluchte	0 1
<i>Episoade 2: Jonge (Episoadepersonaazje: jonge)</i>			
A7.	ITT as foarfal begjint	Jonge hie fertriet Jonge wie ûngelokkich Jonge siet oer syn bal yn/ siet yn noed oer syn bal Jonge seach de bal yn it wetter	0 1
A8.	Doel	Jonge besleat (om) syn bal werom te heljen/ woe syn bal werom hawwe om syn bal werom te heljen	0 1
A9.	Besykjen	Jonge wie/ is syn bal út it wetter oan it lûken Jonge besocht (om) syn bal út it wetter te lûken	0 1
A10.	Resultaat	Jonge krige/ hie syn bal werom/ wer De bal wie rêden	0 1
A11.	ITT as reaksje	Jonge wie bliid/ tefreden/ opluchte (dat er syn bal werom hie)	0 1
<i>Episoade 3: Poes (Episoadepersonaazje: poes)</i>			
A12.	ITT as foarfal begjint	Poes hie hongere/ wie nijsgjirrich/ hie sin oan in fisk Poes seach/ ûntduts de fisk (yn 'e amer) Poes murk de fisk (yn 'e amer) (op)	0 1

¹ Ekwivalinten fan de neamde foarbylden wurde krekt sa skoard, lykas Hollânske ynterferinsjes. Yn gefal fan twivel of as it antwurd fan it bern net op it skoareformulier stiet, rieplachtsje dan de Appendiks yn 'e hantlieding.

² Nul punten foar in ferkeard of gjin antwurd, 1 punt foar ien korrekt antwurd, 2 punten foar ferwizing nei sawol tiid as plak.

A13.	Doel	Poes woe de fisk Poes besleat (om) de fisk te pakken/ gripen/ iten/ stellen	0 1
A14.	Besykjen	Poes pakte/ griep/ naam/ stiel de fisk (út 'e amer (wei)) Poes besocht (om) de fisk (út 'e amer (wei)) te pakken	0 1
A15.	Resultaat	Poes iet de fisk op Poes hie de fisk	0 1
A16.	ITT as reaksje	Poes wie foldien/ tefreden/ bliid/ hie gjin hunger (mear)	0 1
A17.	Totaalskoare út 17:		

B. Strukturele Kompleksiteit

Oantal BR rigen	Oantal inkele D (sûnder B of R)	Oantal DB / DR rigen	Oantal DBR rigen
B1.	B2.	B3.	B4.

C. Inerlike Tastân Termen (ITT)

C1.	<p>Totaal oantal ITT yn tokens. ITT omfetsje:</p> <p>Wurden foar sintúchlike waarnimming bgl. <i>sjen, hearre, fiele, rûke;</i></p> <p>Wurden foar lichaaamlike tastân bgl. <i>toarst, hunger, wurch, pine;</i></p> <p>Wurden foar bewustwêzen bgl. <i>libjend, wekker, sliepend, koesend;</i></p> <p>Wurden foar emoasje bgl. <i>ferriet(lik), bliid, lokkich, lilik, begien, teloarsteld, bang, grutsk, dapper, moedich, tefreden, ferrast;</i></p> <p>Mentale tiidwurden bgl. <i>wolle, tinke, witte, ferjitte, beslisse, leauwe, ôffreegje, in plan hawwe/ meitsje;</i></p> <p>Tiidwurden foar sizze/ fertelle bgl. <i>sizze, neame, roppe, warskôgje, freegje.</i></p>
-----	---

Diel II: Begryp

		Foarbylden fan korrekte antwurden	Foarbylden fan ynkorrekte antwurden	Skoare
0	Fûnst it ferhaal moai?	Begjinfraach, net skoare		
D1.	Wêrom springt de poes nei foaren? (wiis plaatsje 1-2 oan) (Episoade 1: Doel)	Wol de flinter pakke/ fange/ achterfolgje/ achternei sitte Wol mei de flinter boartsje Wol de flinter Om de flinter te pakken/ fangen/ achternei te sitten	Giet fuort/ is oan it draven/ woe springe Poezen springe/ drave altyd	0 1
D2.	Hoe fielt de poes him? (wiis nei plaatsje 3) (ITT as reaksje)	Lilk/ min/ teloarsteld/ net goed/ net noflik/ hat pine/	Goed/ bliid	0 1
D3.	<i>(D3 allinnich freegje as it bern yn D2 in korrekt antwurd jout sûnder útlis/ motivaasje. As yn D2 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D3 in punt en gear fierder mei D4.)</i> Wêrom tinkst dat de poes him lilck/ teloarsteld ensfh. fielt/ pine hat? ³	Omdat er de flinter net fange koe/ yn 'e strúk foel Omdat it sear docht ast yn in stikelige strúk falst Omdat de flinter fuort fleach	Net passend antwurd	0 1
D4.	Wêrom hâldt de jonge de fiskangel yn it wetter? (wiis nei plaatsje 5) (Episoade 2: Doel)	Wol syn bal (werom) krije/ pakke Wol syn bal (werom) Om syn bal (werom) te krijen/ pakken	Om yn it wetter te boartsjen	0 1
D5.	Hoe fielt de jonge him? (wiis nei plaatsje 6) (ITT as reaksje)	Goed/ bliid/ tefreden	Min/ lilck/ razend/ tryst/ ferrietlik, hat ferriet	0 1
D6.	<i>(D6 allinnich freegje as it bern yn D5 in goed antwurd jout sûnder útlis/ motivaasje. As yn D5 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D6 in punt en gear fierder mei D7.)</i> Wêrom tinkst dat de jonge him goed/ bliid/ tefreden ensfh. fielt? ⁴	Omdat er de bal werom hat/ krigen hat Omdat er de bal krije/ pakke koe	Omdat er laket/ der sa útsjocht/ oar net passend antwurd	0 1
D7.	Wêrom grypt de poes de fisk? (wiis nei plaatsje 5)	Besleat (om) de fisk te iten/ pakken/ stellen Wol de fisk ite/ pakke/ stelle	Wol mei de fisk boartsje	0 1

³ Brûk deselde ITT as troch it bern yn syn/har antwurd op D2 sein is.

⁴ Brûk deselde ITT as troch it bern yn syn/har antwurd op D5 sein is.

	(Episoade 3: Doel)	Nimt/ grypt syn kâns as de jonge net sjocht Koe de flinter net krije/ pakke Poezen hâlde fan fisken (generike betsjutting) Fisken binne lekker		
D8.	Stel dy foar dat de jonge de poes sjocht. Hoe fielt de jonge him? (wiis nei plaatsje 6) (ITT as reaksje)	Min/ liik/ razend/ tryst/ net goed/ fertrietlik, hat fertriet	Goed/ bliid/ tefreden	0 1
D9.	<i>(D9 allinnich freegje as it bern yn D8 in korrekt antwurd jûn hat sûnder útlis/ motivaasje. As yn D8 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D9 in punt en gear fierder mei D10.)</i> Wêrom tinkst dat de jonge him min/ liik/ razend ensfh. fielt? ⁵	Omdat de poes syn fisk iet/ pakte De jonge woe (sels) de fisk (op)ite/ hawwe De fisk wie fan 'e jonge It wie de jonge syn fisk	Fiskangel leit op 'e grûn of oar net passend antwurd	0 1
D10.	Wurdt de jonge freonen mei de poes? Wêrom?	Nee - jou op syn minst ien reden (poes iet/ stiel de fisk) of elk oar passend antwurd	Ja/ ik wit it net/ oar net passend antwurd	0 1
D11.	Totaalskoare út 10:			

⁵ Brûk deselde ITT as troch it bern syn/har antwurd op D8 sein is.

Protokol foar Hûn

Fertelle / Neifertelle / Modelferhaal

Namme fan bern: _____
Bertedatum: _____
Testdatum: _____
Leeftyd op test (yn moannen): _____
Geslacht: _____
Namme fan testlieder: _____
Bleatstelling T2 (yn moannen): _____
Datum begjin basisskoalle: _____
Namme fan basisskoalle: _____

Soargje derfoar dat alle slugen op 'e tafel lizze foardat de testôfname begjint. Set it opnameapparaat klear sadat de testsesje opnommen wurde kin. Begjin de opname foar de yntroduksje.

Yntroduksje

Freegje bygelyks: Wa is dyn bêste freontsje/freondintsje? Wêr sjochst graach nei op 'e telefyzje? Hâldst derfan om ferhalen te fertellen? Hâldst derfan om nei ferhalen te lústerjen?

Ynstruksjes

Ynstruksjes foar Fertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan meisto my in ferhaal fertelle. Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. Sjoch earst nei it hiele ferhaal. Bist der klear foar?*

Tear plaatsje 1 en 2 út. Sis tsjin it bern: *Ik wol datst it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *“Fertel my it ferhaal mar”* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste twa plaatsjes, tear dan de folgjende 2 út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *“Noch mear?”, “Gean mar troch”, “Fertel my nochris wat mear”, “Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is”*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *“Sis it my mar ast klear bist”*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*“Goed dien”*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Neifertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes

út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dan meisto it wer oan my fertelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in boartlike hûn dy't in grize mûs yn 'e buert fan in beam sitten seach. Hy sprong nei foaren omdat er him pakke woe. Yntusken kaam in fleurige jonge werom fan it boadskipjen mei in tas en in ballon yn 'e hannen. Hy seach nei de hûn dy't de mûs achternei siet.*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De mûs draafde gau fuort en de hûn botste tsjin de beam oan. Hy die him sear en wie hiel liik. De jonge wie sa skrokken dat er de ballon út 'e hân los liet. Doe't er syn ballon yn 'e beam fleanen seach, rôp er: "Oh nee, dêr giet myn ballon!" Hy hie fertriet en woe syn ballon werom hawwe. Yntusken seach de hûn de jonge syn tas en tocht: "Ik wol in woarst pakke."*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Tagelyk begûn de jonge syn ballon út 'e beam te lûken. Hy murk net dat de hûn in woarst pakt hie. Uteinlik wie de hûn hiel bliid dat er sa'n lekkere woarst ite koe en de jonge wie bliid dat er syn ballon werom hie.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Tear plaatsje 1 en 2 út sadat de earste twa plaatsjes allinnich foar it bern sichtber binne. Sis tsjin it bern: *No wol ik datsto it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern der muoite mei hat om te begjinnen, troch nochris te sizzen: *"Fertel my it ferhaal mar"* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *"Noch mear?", "Gean mar troch", "Fertel my nochris wat mear", "Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is"*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *"Sis it my mar ast klear bist"*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*"Goed dien"*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Modelferhaal

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slûf sit in oar ferhaal. Kies in slûf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle. Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dêrnei sil ik dy in pear fragen stelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in boartlike hûn dy't in grize mûs yn 'e buert fan in beam sitten seach. Hy sprong nei foaren omdat er him pakke woe. Yntusken kaam in fleurige jonge werom fan it boadskipjen mei in tas en in ballon yn 'e hannen. Hy seach nei de hûn dy't de mûs achternei siet.*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De mûs draafde gau fuort en de hûn botste tsjin de beam oan. Hy die him sear en wie hiel liik. De jonge wie sa skrokken dat er de ballon út 'e hân los liet. Doe't er syn ballon yn 'e beam fleanen seach, rôp er: "Oh nee, dêr giet myn ballon!" Hy hie fertriet en woe syn ballon werom hawwe. Yntusken seach de hûn de jonge syn tas en tocht: "Ik wol in woarst pakke."*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Tagelyk begûn de jonge syn ballon út 'e beam te lûken. Hy murk net dat de hûn in woarst pakt hie. Uteinlik wie de hûn hiel bliid dat er sa'n lekkere woarst ite koe en de jonge wie bliid dat er syn ballon werom hie.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Neidat jo *"En dat is de ein fan it ferhaal"* sein hawwe, stelle jo de begrypsfragen.

Skoareformulier foar Hûn

Diel I: Produksje

A. Ferhaalstruktuer; B. Strukturele kompleksiteit; C. Termen foar beneamen inerlike tastân personaazje 'Inerlike Tastân Termen' (ITT)

A. Ferhaalstruktuer

		Foarbylden fan korrekte antwurden⁶	Skoare
A1.	Setting	Tiid- en/ of plakferwizing, bgl. der wie ris/ op in dei/ lang lyn... yn in bosk/ yn in park/ yn 'e greide/ yn in fjild/ by in beam/ by de dyk	0 1 2 ⁷
<i>Episoade 1: Hûn (Episoadepersonaazjes: hûn en mûs)</i>			
A2.	ITT as foarfal begjint	Hûn wie boartlik/ nijsgjirrich Hûn seach in mûs	0 1
A3.	Doel	Hûn woe de mûs fange/ pakke/ achterfolgje/ achternei sitte/ mei de mûs boartsje om de mûs te fangen/ pakken/ achterfolgjen/ achternei te sitten om mei de mûs te boartsjen	0 1
A4.	Besykjen	Hûn sprong nei foaren/ omheech Hûn jage, joech/ begûn te jeien Hûn besocht (om) de mûs te fangen/ pakken/ achterfolgjen/ achternei te sitten	0 1
A5.	Resultaat	Hûn stompte syn kop/ botste tsjin de beam/ krige de mûs net te pakken/ wie net fluch genôch Mûs ûntsnapte/ draafde achter de beam/ wie te fluch	0 1
A6.	ITT as reaksje	Hûn wie teloarsteld/ liik/ hie pine Mûs wie bliid/ opluchte	0 1
<i>Episoade 2: Jonge (Episoadepersonaazje: jonge)</i>			
A7.	ITT as foarfal begjint	Jonge hie fertriet Jonge wie ûngelokkich Jonge siet oer syn ballon yn/ siet yn noed oer syn ballon Jonge seach de ballon yn 'e beam	0 1
A8.	Doel	Jonge besleat (om) syn ballon werom te heljen/ woe syn ballon werom helje Om de ballon werom te krijen	0 1
A9.	Besykjen	Jonge wie/ is syn ballon út 'e beam oan it lûken Jonge besocht (om) syn ballon út 'e beam te lûken Jonge sprong nei de ballon Jonge klom/ klimt yn 'e beam	0 1
A10.	Resultaat	Jonge krige/ hie syn ballon werom/ wer Ballon wie rêden	0 1
A11.	ITT as reaksje	Jonge wie bliid/ tefreden/ opluchte (dat er syn ballon werom hie)	0 1
<i>Episoade 3: Hûn (Episoadepersonaazje: hûn)</i>			

⁶ Ekwivalinten fan de neamde foarbylden wurde krekt sa skoard, lykas Hollânske ynterferinsjes. Yn gefal fan twivel of as it antwurd fan it bern net op it skoareformulier stiet, rieplachtsje dan de Appendiks yn 'e hantlieding.

⁷ Nul punten foar in ferkeard of gjin antwurd, 1 punt foar ien korrekt antwurd, 2 punten foar ferwizing nei sawol tiid as plak.

A12.	ITT as foarfal begjint	Hûn hie hongere/ wie nijsgjirrich/ hie sin oan in woarstje Hûn seach/ ûntduts de woarstjes (yn 'e tas) Hûn murk de woarstjes (yn 'e tas) (op)	0 1
A13.	Doel	Hûn woe de woarstjes Hûn besleat (om) de woarstjes te pakken/ gripen/ iten/ stellen	0 1
A14.	Besykjen	Hûn pakte/ griep/ naam/ stiel de woarstjes (út 'e tas) Hûn besocht (om) de woarstjes (út 'e tas (wei)) te pakken/ stellen	0 1
A15.	Resultaat	Hûn iet de woarstjes (op) Hûn pakte de woarstjes	0 1
A16.	ITT as reaksje	Hûn wie foldien/ tefreden/ bliid/ hie gjin hongere (mear)	0 1
A17.	Totaalskoare út 17:		

B. Strukturele kompleksiteit

Oantal BR rigen	Oantal inkele D (sûnder B of R)	Oantal DB / DR rigen	Oantal DBR rigen
B1.	B2.	B3.	B4.

C. Inerlike Tastân Termen (ITT)

C1.	<p>Totaal oantal ITT yn tokens. ITT omfetsje:</p> <p>Wurden foar sintúchlike waarnimming bgl. <i>sjen, hearre, fiele, rûke;</i></p> <p>Wurden foar lichamlike tastân bgl. <i>toarst, hongere, wurch, pine;</i></p> <p>Wurden foar bewustwêzen bgl. <i>libjend, wekker, sliepend, koesend;</i></p> <p>Wurden foar emoasje bgl. <i>fertriet(lik), bliid, lokkich, liik, begien, teloarsteld, bang, grutsk, dapper, moedich, tefreden, ferrast;</i></p> <p>Mentale tiidwurden bgl. <i>wolle, tinke, witte, ferjitte, beslisse, leauwe, ôffreegje, in plan hawwe/ meitsje;</i></p> <p>Tiidwurden foar sizze/ fertelle bgl. <i>sizze, neame, roppe, warskôgje, freegje.</i></p>
-----	--

Diel II: Begryp

		Foarbylden fan korrekte antwurden	Foarbylden fan ynkorrekte antwurden	Skoare
0	Fûnst it ferhaal moai?	Begjinfraach, net skoare		
D1.	Wêrom springt de hûn nei foaren? <i>(wiis nei plaatsjes 1-2)</i> (Episoade 1: Doel)	Wol de mûs pakke/ / fange/ achterfolgje/ achternei sitte Wol mei de mûs boartsje Wol de mûs Om de mûs te pakken/ fangen/ achternei te sitten	Giet fuort/ is oan it draven/ woe springe Hûnen springe/ drave altyd	0 1
D2.	Hoe fielt de hûn him? <i>(wiis nei plaatsje 3)</i> (ITT as reaksje)	Lilk/ min/ teloarsteld/ net goed/ net noflik/ hat pine	Goed/ bliid	0 1
D3.	<i>(D3 allinnich freegje as it bern yn D2 in goed antwurd jout sûnder útlis/ motivaasje. As yn D2 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D3 in punt en gean fierder mei D4.)</i> Wêrom tinkst dat de hûn him lilck/ teloarsteld ensfh. fielt/pine hat? ⁸	Omdat er de mûs net fange koe/ er syn kop stompte/ tsjin in beam botste Omdat it sear docht ast tsjin in beam oan stompst/ botst Omdat de mûs ûntsnapte/ ûntkaam	Net passend antwurd	0 1
D4.	Wêrom springt de jonge omheech? <i>(wiis nei plaatsje 5)</i> (Eposoade 2: Doel)	Wol syn ballon (werom) krije/ pakke Wol syn ballon (werom) Om syn ballon (werom) te krijen/ pakken	Om yn 'e beam te klimmen	0 1
D5.	Hoe fielt de jonge him? <i>(wiis nei plaatsje 6)</i> (ITT as reaksje)	Goed/ bliid/ tefreden	Min/ lilck/ razend/ tryst/ fertrietlik, hat fertriet	0 1
D6.	<i>(D6 allinnich freegje as it bern yn D5 in goed antwurd jout sûnder útlis/motivaasje. As yn D5 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D6 in punt en gean fierder mei D7.)</i> Wêrom tinkst dat de jonge him goed/ bliid/ tefreden ensfh. fielt? ⁹	Omdat er de ballon (werom) hat/ krigen hat Omdat er de ballon krije/ pakke koe	Omdat er laket/ der sa útsjocht/ omdat er stiet/ oar net passend antwurd	0 1
D7.	Wêrom grypt de hûn de woarstjes? <i>(wiis nei plaatsje 5)</i> (Episoade 3: Doel)	Besleat (om) de woarstjes te iten/ pakken/ stellen Wol de woarstjes ite/ pakke/ stelle Nimt/ grypt syn kâns as de jonge net sjocht	Woe mei de tas boartsje	0 1

⁸ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D2.

⁹ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D5.

		Koe de mûs net krije/ pakke Hûnen hâlde fan woarstjes (generyk antwurd) Woarstjes binne lekker		
D8.	Stel dy foar dat de jonge de hûn sjocht. Hoe fielt de jonge him? (wiis nei plaatsje 6) (ITT as reaksje)	Min/ lilk/ razend/ net goed/ fertrietlik, hat fertriet	Goed/ bliid/ tefreden	0 1
D9.	<i>(D9 allinnich freegje as it bern yn D8 in korrekt antwurd jûn hat sûnder útlis/motivaasje. As yn D8 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D9 in punt en gear fierder mei D10.)</i> Wêrom tinkst dat de jonge him min/ lilk/ razend ensfh. fielt? ¹⁰	Omdat de hûn syn woarstjes iet/ pakte De jonge woe (sels) de woarstjes (op)ite/ hawwe De woarstjes wiene fan 'e jonge It wiene de jonge syn woarstjes	Net passend antwurd	0 1
D10.	Wurdt de jonge freonen mei de hûn? Wêrom?	Nee - jou op syn minst ien reden (hûn iet/ stiel de woarstjes) of elk oar passend antwurd	Ja/ Ik wit it net/ oar net passend antwurd	0 1
D11.	Totaalskoare út 10:			

¹⁰ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D8.

Protokol foar Babyfûgels

Fertelle / Neifertelle / Modelferhaal

Namme fan bern: _____
Bertedatum: _____
Testdatum: _____
Leeftyd op test (yn moannen): _____
Geslacht: _____
Namme fan testlieder: _____
Bleatstelling T2 (yn moannen): _____
Datum begjin basisskoalle: _____
Namme fan basisskoalle: _____

Soargje derfoar dat alle slugen op 'e tafel lizze foardat de testôfname begjint. Set it opnameapparaat klear sadat de testsesje opnommen wurde kin. Begjin de opname foar de yntroduksje.

Yntroduksje

Freegje bygelyks: Wa is dyn bêste freontsje/freondintsje? Wêr sjochst graach nei op 'e telefyzje? Hâldst derfan om ferhalen te fertellen? Hâldst derfan om nei ferhalen te lústerjen?

Ynstruksjes

Ynstruksjes foar Fertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan meisto my in ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Sjoch earst nei it hiele ferhaal. Bist der klear foar?*

Tear plaatsje 1 en 2 út. Sis tsjin it bern: *Ik wol datsto it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *“Fertel my it ferhaal mar”* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *“Noch mear?”, “Gean mar troch”, “Fertel my nochris wat mear”, “Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is”*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *“Sis it my mar ast klear bist”*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*“Goed dien”*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Neifertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dan meisto it wer oan my fertelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in memmefûgel dy't seach dat har babyfûgels honger hiene. Se fleach fuort omdat se iten foar harren sykje woe. In hongerige poes seach dat de memmefûgel fuort fleach en miaude: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr yn it nêst?"*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De memmefûgel kaam werom mei in grutte wjirm foar har bern, mar se seach de poes net. Se wie bliid mei de soppige wjirm foar har berntsjes. Yntusken begûn de gemiene poes yn 'e beam te klimmen omdat er in babyfûgel fange woe. Hy pakte ien fan 'e babyfûgels. In dappere hûn dy't foarby rûn, seach dat de fûgels yn grut gefaar wiene. Hy besleat de poes tsjin te hâlden en harren te rêden.*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Hy sei tsjin de poes: "Lit de babyfûgels mei rêst." En doe krige er de poes syn sturt en luts him nei ûnderen ta. De poes liet de babyfûgel los en de hûn jage him fuort. De hûn wie hiel bliid dat er de fûgels rêde koe en de poes hie noch hieltyd honger.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Tear plaatsje 1 en 2 út sadat de earste twa plaatsjes allinnich foar it bern sichtber binne. Sis tsjin it bern: *No wol ik datsto it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *"Fertel my it ferhaal mar"* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *"Noch mear?", "Gean mar troch", "Fertel my nochris wat mear", "Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is"*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *"Sis it my mar ast klear bist"*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje ("Goed dien") en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Modelferhaal

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slûf sit in oar ferhaal. Kies in slûf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dêrnei sil ik dy in pear fragen stelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in memmefûgel dy't seach dat har babyfûgels honger hiene. Se fleach fuort omdat se iten foar harren sykje woe. In hongerige poes seach dat de memmefûgel fuort fleach en miaude: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr yn it nêst?"*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De memmefûgel kaam werom mei in grutte wjirm foar har bern, mar se seach de poes net. Se wie bliid mei de soppige wjirm foar har berntsjes. Yntusken begûn de gemiene poes yn 'e beam te klimmen omdat er in babyfûgel fange woe. Hy pakte ien fan 'e babyfûgels. In dappere hûn dy't foarby rûn, seach dat de fûgels yn grut gefaar wiene. Hy besleat de poes tsjin te hâlden en harren te rêden.*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *Hy sei tsjin de poes: "Lit de babyfûgels mei rêst." En doe krige er de poes syn sturt en luts him nei ûnderen ta. De poes liet de babyfûgel los en de hûn jage him fuort. De hûn wie hiel bliid dat er de fûgels rêde koe en de poes hie noch hieltyd honger.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Neidat jo "En dat is de ein fan it ferhaal" sein hawwe, stelle jo de begrypsfragen.

Skoareformulier foar Babyfûgels

Diel I: Produksje

A. Ferhaalstruktuer; B. Strukturele kompleksiteit; C. Termen foar beneamen inerlike tastân personaazje 'Inerlike Tastân Termen' (ITT)

A. Ferhaalstruktuer

		Foarbylden fan korrekte antwurden ¹¹	Skoare
A1.	Setting	Tiid- en/of plakferwizing, bgl. der wie ris/ op in dei/ lang lyn... yn in bosk/ yn 'e greide/ yn 'e tún/ yn in (gers)fjild/ yn in beam/ yn it fûgelnêst	0 1 2 ¹²
<i>Episoade 1: Memmefûgel (Episoadepersonaazjes: memmefûgel en babyfûgels)</i>			
A2.	ITT as foarfal begjint	Babyfûgels hiene honger/ woene ite(n)/ pipen/ fregen om iten <Mem/Fûgel/Alder ensfh.> seach dat de babyfûgels honger hiene/ ite(n) woene	0 1
A3.	Doel	Memmefûgel woe de babyfûgels iten/ wjirmkes jaan/ bringe Memmefûgel woe iten/ wjirmkes helje/ sykje Om iten te heljen/ sykjen	0 1
A4.	Besykjen	Memmefûgel fleach/ gie fuort Memmefûgel helle/ socht iten Memmefûgel besocht (om) iten te heljen/ sykjen/ finen	0 1
A5.	Resultaat	Memmefûgel krige/ fong/ brocht in wjirm Memmefûgel kaam werom mei iten/ in wjirm Memmefûgel joech de babyfûgels/ berntsjes/ pykjes iten Babyfûgels krigen iten/ in wjirm	0 1
A6.	ITT as reaksje	Memmefûgel wie bliid/ tefreden Babyfûgels wiene bliid/ tefreden/ hiene gjin honger mear	0 1
<i>Episoade 2: Poes (Episoadepersonaazjes: poes en babyfûgels)</i>			
A7.	ITT as foarfal begjint	Poes seach de mem fuortfleanen/ seach dat de babyfûgels allinnich wiene/ seach dat der iten wie Poes hie honger/ tocht "mmm lekker"	0 1
A8.	Doel	Poes woe de babyfûgel(s) ite/ fange/ pakke/ dea meitsje Om de fûgels te iten/ fangen/ pakken/ dea te meitsjen	0 1
A9.	Besykjen	Poes klom/ klimt yn 'e beam Poes sprong omheech/ yn 'e beam Poes besocht (om) in babyfûgel te fangen/ pakken	0 1
A10.	Resultaat	Poes pakte/ griep in babyfûgel Poes krige hast in babyfûgel te pakken	0 1
A11.	ITT as reaksje	Poes wie bliid Fûgel(s) wie(ne) bang/ pipe(n)/ raasde(n) it út fan 'e pine	0 1
<i>Episoade 3: Hûn (Episoadepersonaazjes: hûn, poes en fûgels)</i>			
A12.	ITT as foarfal begjint	Hûn seach dat de fûgel yn gefaar wie Hûn seach dat de poes de fûgel fong/ pakte Fûgel(s) wie(ne) yn gefaar	0 1

¹¹ Ekwivalinten fan de neamde foarbylden wurde krekt sa skoard, lykas Hollânske ynterferinsjes. Yn gefal fan twivel of as it antwurd fan it bern net op it skoareformulier stiet, rieplachtsje dan de Appendiks yn 'e hantlieding.

¹² Nul punten foar in ferkeard of gjin antwurd, 1 punt foar ien korrekt antwurd, 2 punten foar ferwizing nei sawol tiid as plak.

A13.	Doel	Hûn besleat (om) de poes te stopjen/ tsjin te hâlden Hûn woe de poes stopje/ tsjinhâlde Hûn besleat (om) de fûgel(s) te helpen/ beskermjen/ rêden Hûn woe de fûgel(s) helpe/ beskermje/ rêde Om de fûgels te stopjen/ tsjin te hâlden Om de fûgels te rêden/ helpen	0 1
A14.	Besykjen	Hûn luts/ lûkt de poes nei ûnderen ta Hûn biet/ byt de poes Hûn foel/ falt de poes oan Hûn pakte/ pakt de poes syn sturt Hûn besocht (om) de poes nei ûnderen te lûken/ oan te fallen	0 1
A15.	Resultaat	Hûn jage de poes fuort/ makke de poes bang/ siet de poes achternei Poes liet de babyfûgel los/ draafde fuort Fûgel(s) wie(ne) rêden/ feilich	0 1
A16.	ITT as reaksje	Hûn wie opluchte/ bliid/ grutsk (dat er de babyfûgel rêden hie) Poes wie liik/ teloarsteld/ bang/ hie pine Fûgel(s) wie(ne) opluchte/ bliid Memfûgel wie opluchte/ bliid	0 1
A17.	Totaalskoare út 17:		

B. Strukturele kompleksiteit

Oantal BR rigen	Oantal inkele D (sûnder B of R)	Oantal DB / DR rigen	Oantal DBR rigen
B1.	B2.	B3.	B4.

C. Inerlike Tastân Termen (ITT)

C1.	<p>Totaal oantal ITT yn tokens. ITT omfetsje:</p> <p>Wurden foar sintúchlike waarnimming bgl. <i>sjen, hearre, fiele, rûke</i>;</p> <p>Wurden foar lichamlike tastân bgl. <i>toarst, hunger, wurch, pine</i>;</p> <p>Wurden foar bewustwêzen bgl. <i>libjend, wekker, sliepend, koesend</i>;</p> <p>Wurden foar emoasje bgl. <i>fertriet(lik), bliid, lokkich, liik, begien, teloarsteld, bang, grutsk, dapper, moedich, tefreden, ferrast</i>;</p> <p>Mentale tiidwurden bgl. <i>wolle, tinke, witte, ferjitte, beslisse, leauwe, ôffreegje, in plan hawwe/ meitsje</i>;</p> <p>Tiidwurden foar sizze/ fertelle bgl. <i>sizze, neame, roppe, warskôgje, freegje</i>.</p>
-----	---

Diel II: Begryp

		Foarbylden fan korrekte antwurden	Foarbylden fan ynkorrekte antwurden	Skoare
0	Fûnst it ferhaal moai?	Begjinfraach, net skoare		
D1.	Wêrom fljocht de memmefûgel fuort? (wiis nei plaatsjes 1-2) (Episoade 1: Doel/ITT as foarfal begjint)	Wol iten/ wjirmen helje/ bringe Om de babyfûgels te fuorjen/ iten te jaan Babyfûgels hawwe honger	Giet fuort/ sil wurkje Sil heit helje Is bang	0 1
D2.	Hoe fiele de babyfûgels har? (wiis nei plaatsje 1) (ITT as foarfal begjint)	Min/ hawwe honger Wolle ite(n)	Goed/ bliid/ ferbaasd/ allinnich/ bang	0 1
D3.	<i>(D3 allinnich freegje as it bern yn D2 in goed antwurd jout sûnder útlis/motivaasje. As yn D2 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D3 in punt en gean fierder mei D4.)</i> Wêrom tinkst dat de babyfûgels har min fiele/honger hawwe, ensfh.? ¹³	Omdat se de bek iepen ha/ om iten freegje Omdat se roppe: "Wy wolle ite(n)/ hawwe honger" Omdat de mem fuort gie om iten te heljen/ werom kaam mei in wjirm om har te fuorjen/ iten te jaan Babyfûgels hawwe altyd honger (generyk antwurd)	Omdat se bliid binne/ sjonge Omdat se mei harren mem mei woene Omdat se bang binne foar de poes Bang omdat se de poes seagen Min/ bang omdat de mem fuort fljocht	0 1
D4.	Wêrom klimt de poes yn 'e beam? (wiis nei plaatsje 3) (Episoade 2: Doel)	Wol de babyfûgel pakke/ dea meitsje/ (op)ite Wol de babyfûgel Om de/ in babyfûgel te pakken/ dea te meitsjen/ te iten Grypt/ nimt syn kâns as de mem fuort is Poezen ite/ pakke graach fûgels (generyk antwurd)	Om mei de babyfûgels te boartsjen	0 1
D5.	Hoe fielt de poes him? (wiis nei plaatsjes 5-6) (ITT as reaksje)	Hat (noch altyd) honger/ hat fertriet/ min/ liik/ bang/ dom/ teloarsteld	Goed/ bliid/ boartlik/ draaft	0 1
D6.	<i>(D6 allinnich freegje as it bern yn D5 in goed antwurd jout sûnder útlis/motivaasje. As yn D5 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D6 in punt en gean fierder mei D7.)</i>	Krige de babyfûgels net te pakken It slagge net (om de babyfûgels te pakken) Is bang (foar de hûn) Omdat de hûn him achternei sit/ oanfalt/ oan de poes syn sturt lûkt/ yn de poes syn sturt byt	Bliid/ boartlik/ begjint te fleanen/ sjocht der sa út De hûn pakte de poes syn iten	0 1

¹³ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D2.

	Wêrom tinkst dat de poes him min fielt/ hungerich fielt/ bang ensfh. is? ¹⁴	<i>As it antwurd op D5 'min/ liik' is, kin it antwurd op D6 ek wêze:</i> hat noch hieltyd hunger	Hûn wol de poes (op)ite Ik wit it net	
D7.	Wêrom pakt de hûn de sturt fan de poes? (<i>wiis nei plaatsje 5</i>) (Episoade 3: Doel)	Besleat (om) de fûgel(s) te rêden/ helpen/ beskermjen Besleat (om) de poes tsjin te hâlden/ te stopjen Wol de fûgel(s) rêde/ helpe/ beskermje Wol de poes tsjinhâlde/ stopje Om te soargjen dat de poes de fûgel gear/ los lit Om de fûgel(s) te rêden/ helpen/ beskermjen Sadat de fûgel(s) net opiten/ dea makke wurde/ gjin pine ha	Wol sels de fûgel (op)ite Wol de poes (op)ite/ mei de poes boartsje Hûnen haatsje/ hâlde net fan poezen (generyk antwurd)	0 1
D8.	Stel dy foar dat de hûn de fûgels sjocht. Hoe fielt de hûn him? (<i>wiis nei plaatsje 6</i>) (ITT as reaksje)	Goed/ tefreden/ bliid/ opluchte/ foldien/ grutsk/ helpfeardich As in beskermer/ held Fynt it moai om se te beskermjen	Min/ liik/ razend/ dom/ spitich/ tryst/ hat fertriet/ hat hunger/ "Ik moat de poes pakke"	0 1
D9.	(<i>D9 allinnich freegje as it bern in yn D8 in goed antwurd jûn hat sûnder útlis/motivaasje. As yn D8 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D9 in punt en gear fierder mei D10</i>) Wêrom tinkst dat de hûn him goed/ bliid/ tefreden ensfh. fielt? ¹⁵	Omdat er de poes stoppe/ tsjinhold Omdat er de poes út 'e beam krige Omdat er de fûgels rêde/ help Omdat er sjocht dat de fûgels feilich/ bliid binne/ gjin pine hawwe No komt de poes net mear werom	Omdat er laket/ der sa útsjocht Omdat er de poes net krige Wol sels de fûgels (op)ite Is liik op de poes	0 1
D10.	Wa fynt de memmefûgel it aardichst, de poes of de hûn? Wêrom?	De hûn - jou op syn minst ien reden (hy rêde/ help de babyfûgel/ jage de poes fuort/ wie aardich foar de fûgels)	De poes/ Ik wit it net/ oar net passend antwurd	0 1
D11.	Totaalskoare út 10:			

¹⁴ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D5.

¹⁵ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D8.

Protokol foar Babygeiten

Fertelle / Neifertelle / Modelferhaal

Namme fan bern: _____
Bertedatum: _____
Testdatum: _____
Leeftyd op test (yn moannen): _____
Geslacht: _____
Namme fan testlieder: _____
Bleatstelling T2 (yn moannen): _____
Datum begjin basisskoalle: _____
Namme fan basisskoalle: _____

Soargje derfoar dat alle slugen op 'e tafel lizze foardat de testôfname begjint. Set it opnameapparaat klear sadat de testsesje opnommen wurde kin. Begjin de opname foar de yntroduksje.

Yntroduksje

Freegje bygelyks: Wa is dyn bêste freontsje/freondintsje? Wêr sjochst graach nei op 'e telefyzje? Hâldst derfan om ferhalen te fertellen? Hâldst derfan om nei ferhalen te lústerjen?

Ynstruksjes

Ynstruksjes foar Fertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan meisto my in ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Sjoch earst nei it hiele ferhaal. Bist der klear foar?*

Tear plaatsje 1 en 2 út. Sis tsjin it bern: *Ik wol datst it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *“Fertel my it ferhaal mar”* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *“Noch mear?”, “Gean mar troch”, “Fertel my nochris wat mear”, “Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is”*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *“Sis it my mar ast klear bist”*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje (*“Goed dien”*) en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Neifertelle

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dan meisto it wer oan my fertelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in memmegeit dy't seach dat har babygeit yn it wetter fallen wie en dat er bang wie. Se sprong yn it wetter, omdat se him rêde woe. In hongerige foks seach dat de memmegeit yn it wetter lei en grommele: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr op it gers?"*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De memmegeit treau de babygeit út it wetter, mar se seach de foks net. Se wie bliid dat har berntsje net ferdronken wie. Yntusken sprong de gemiene foks nei foaren omdat er de oare babygeit fange woe. Hy pakte de babygeit. In dappere fûgel dy't foarby fleach, seach dat de babygeit yn grut gefaar wie. Hy besleat de foks tsjin te hâlden en de babygeit te rêden.*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *De fûgel sei tsjin de foks: "Lit de babygeit mei rêst." En doe fleach er nei ûnderen en biet yn 'e foks syn sturt. De foks liet de babygeit los en de fûgel jage him fuort. De fûgel wie hiel bliid dat er de babygeit rêde koe en de foks hie noch hieltyd honger.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Tear plaatsje 1 en 2 út sadat de earste twa plaatsjes allinnich foar it bern sichtber binne. Sis tsjin it bern: *No wol ik datsto it ferhaaltsje fertelst. Sjoch nei de plaatsjes en besykje it bêste ferhaal te fertellen datst kinst.* Jo meie helpe as it bern it dreech fynt om te begjinnen troch nochris te sizzen: *"Fertel my it ferhaal mar"* (wiis nei it plaatsje). As it bern klear is mei it fertellen fan de earste 2 plaatsjes, tear dan de folgjende twa út (sadat de earste fjouwer plaatsjes sichtber binne). Werhelje dit proses oant de ein fan it ferhaal. As it bern midden yn it ferhaal stil falt, meie jo sizze: *"Noch mear?", "Gean mar troch", "Fertel my nochris wat mear", "Lit ús ris sjen wat der noch mear te fertellen is"*. As it bern ophâldt fan praten sûnder oan te jaan dat hy/sy klear is, sis dan: *"Sis it my mar ast klear bist"*.

As it bern klear is, jou him/har dan in komplimintsje ("Goed dien") en stel dêrnei de begrypsfragen.

Ynstruksjes foar Modelferhaal

Gean tsjin it bern oer oan 'e tafel sitten. Sis tsjin it bern: *Sjoch, hjir binne 3 slugen. Yn elke slúf sit in oar ferhaal. Kies in slúf en dan sil ik dy it ferhaal fertelle.* Tear de plaatsjes út sadat de hiele rige allinnich foar it bern sichtber is. *Besjoch earst it hiele ferhaal. Bist der klear foar? Ik sil dy it ferhaal fertelle en dêrnei sil ik dy in pear fragen stelle.*

Tear plaatsje 1 en 2 út. *It ferhaal begjint hjir: (wiis plaatsje 1 oan). Op in dei wie der in memmegeit dy't seach dat har babygeit yn it wetter fallen wie en dat er bang wie. Se sprong yn it wetter, omdat se him rêde woe. In hongerige foks seach dat de memmegeit yn it wetter lei en grommele: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr op it gers?"*

Tear plaatsje 3 en 4 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 4 sichtber binne). *De memmegeit treau de babygeit út it wetter, mar se seach de foks net. Se wie bliid dat har berntsje net ferdronken wie. Yntusken sprong de gemiene foks nei foaren omdat er de oare babygeit fange woe. Hy pakte de babygeit. In dappere fûgel dy't foarby fleach, seach dat de babygeit yn grut gefaar wie. Hy besleat de foks tsjin te hâlden en de babygeit te rêden.*

Tear plaatsje 5 en 6 út (sadat alle plaatsjes fan 1 oant en mei 6 no sichtber binne). *De fûgel sei tsjin de foks: "Lit de babygeit mei rêst." En doe fleach er nei ûnderen en biet yn 'e foks syn sturt. De foks liet de babygeit los en de fûgel jage him fuort. De fûgel wie hiel bliid dat er de babygeit rêde koe en de foks hie noch hieltyd honger.*

En dat is de ein fan it ferhaal.

Neidat jo *"En dat is de ein fan it ferhaal"* sein hawwe, stelle jo de begrypsfragen.

Skoareformulier foar Babygeiten

Diel I: Produksje

A. Ferhaalstruktuer; B. Strukturele kompleksiteit; C. Termen foar beneamen inerlike tastân personaazje 'Inerlike Tastân Termen' (ITT)

A. Ferhaalstruktuer

		Foarbylden fan korrekte antwurden¹⁶	Skoare
A1.	Setting	Tiid- en/of plakferwizing, bgl. der wie ris/ op in dei/ lang lyn... yn in bosk/ yn 'e greide/ yn in (gers)fjild/ by de mar/ by de fiver/ by de dobbe	0 1 2 ¹⁷
<i>Episoade 1: Mem/Geit (Episoadepersonaazjes: babygeit en mem/geit)</i>			
A2.	ITT as foarfal begjint	Babygeit wie bang/ yn gefaar/ hie hulp nedich/ gûlde/ rôp de mem < Mem/Geit/Alder, ensfh. > seach dat de babygeit bang wie/ yn gefaar wie/ oan it ferdrinken wie/ net swimme koe < Mem/Geit/Alder, ensfh. > makke har soargen oer de babygeit yn it wetter	0 1
A3.	Doel	Memmegeit woe de babygeit/ it berntsje / it lamke helpe/ rêde Memmegeit woe de babygeit út it wetter triuwe/ helje Om de babygeit te rêden/ helpen	0 1
A4.	Besykjen	Memmegeit draafde/ gie it wetter yn Memmegeit is oan it triuwen/ helpen Memmegeit besocht (om) te helpen/ triuwen	0 1
A5.	Resultaat	Memmegeit treau/ rêde/ holp de babygeit út it wetter Babygeit wie rêden/ út it wetter	0 1
A6.	ITT as reaksje	Memmegeit wie bliid/ opluchte Babygeit wie opluchte/ tefreden/ bliid/ net mear bang	0 1
<i>Episoade 2: Foks (Episoadepersonaazjes: foks en babygeit)</i>			
A7.	ITT as foarfal begjint	Foks seach dat de mem fuort seach/ dat de babygeit allinnich wie/ dat der iten wie Foks hie honger/ tocht "mmm, lekker"	0 1
A8.	Doel	Foks woe de babygeit ite/ fange/ dea meitsje Om de babygeit te fangen/ pakken/ dea te meitsjen	0 1
A9.	Besykjen	Foks sprong nei de babygeit Foks besocht (om) de babygeit te pakken/ gripen/ fangen	0 1
A10.	Resultaat	Foks pakte/ krige/ griep/ fong de babygeit (hast)	0 1
A11.	ITT as reaksje	Foks wie bliid Babygeit wie bang/ gûlde/ raasde it út fan 'e pine	0 1
<i>Episoade 3: Fûgel (Episoadepersonaazjes: fûgel, foks en babygeit)</i>			
A12.	ITT as foarfal begjint	< Fûgel, Kraai, Roek, ensfh. > seach dat de geit yn gefaar wie Fûgel seach dat de foks de babygeit pakte Babygeit wie yn gefaar	0 1

¹⁶ Ekwivalinten fan de neamde foarbylden wurde krekt sa skoard, lykas Hollânske ynterferinsjes. Yn gefal fan twivel of as it antwurd fan it bern net op it skoareformulier stiet, rieplachtsje dan de Appendiks yn 'e hantlieding.

¹⁷ Nul punten foar in ferkeard of gjin antwurd, 1 punt foar ien korrekt antwurd, 2 punten foar ferwizing nei sawol tiid as plak.

A13.	Doel	Fûgel besleat (om) de foks te stopjen/ tsjin te hâlden Fûgel woe de foks stopje/ tsjinhâlde Fûgel besleat (om) de babygeit te helpen/ beskermjen/ rêden Fûgel woe de babygeit helpe/ beskermje/ rêde Om de foks te stopjen/ tsjin te hâlden Om de babygeit te rêden/ helpen	0 1
A14.	Besykjen	Fûgel byt/ biet yn/ lûkt/ luts oan de foks syn sturt Fûgel foel de foks oan/ gie de foks achternei Fûgel besocht (om) de foks fuort te jeien	0 1
A15.	Resultaat	Fûgel jage de foks fuort Foks liet de babygeit gear/ draafde fuort Babygeit wie rêden/ feilich	0 1
A16.	ITT as reaksje	Fûgel wie opluchte/ bliid/ grutsk (dat er de babygeit rêden hie) Foks wie lilck/ teloarsteld/ bang/ hie pine Babygeit(en) wie(ne) opluchte/ bliid Memmegeit wie opluchte/ bliid	0 1
A17.	Totaalskoare út 17:		

B. Strukturele kompleksiteit

Oantal BR rigen	Oantal inkele D (sûnder B of R)	Oantal DB / DR rigen	Oantal DBR rigen
B1.	B2.	B3.	B4.

C. Inerlike Tastân Termen (ITT)

C1.	<p>Totaal oantal ITT yn tokens. ITT omfetsje:</p> <p>Wurden foar sintúchlike waarnimming bgl. <i>sjen, hearre, fiele, rûke;</i></p> <p>Wurden foar lichamlike tastân bgl. <i>toarst, hongere, wurch, pine;</i></p> <p>Wurden foar bewustwêzen bgl. <i>libjend, wekker, sliepend, koesend;</i></p> <p>Wurden foar emoasje bgl. <i>ferriet(lik), bliid, lokkich, lilck, begien, teloarsteld, bang, grutsk, dapper, moedich, tefreden, ferrast;</i></p> <p>Mentale tiidwurden bgl. <i>wolle, tinke, witte, ferjitte, beslisse, leauwe, ôffreegje, in plan hawwe/ meitsje;</i></p> <p>Tiidwurden foar sizze/ fertelle bgl. <i>sizze, neame, roppe, warskôgje, freegje.</i></p>
-----	--

Diel II: Begryp

		Foarbylden fan korrekte antwurden	Foarbylden fan ynkorrekte antwurden	Skoare
0	Fûnst it ferhaal moai?	Begjinfraach, net skoare		
D1.	Wêrom wie de memmegeit yn it wetter? <i>(wiis nei plaatsjes 1-2)</i> (Episoade 1: Doel/ITT as foarfal begjint)	Wol de babygeit rêde/ helpe Om de babygeit te helpen/ rêden Siet oer de babygeit yn/ siet yn noed oer de babygeit Babygeit rôp om help/ is yn gefaar/ is bang	Is oan it swimmen/ boartsjen Woe in bad nimme/ himsels waskje/ de babygeit waskje/ ôfkuolje/ drinke	0 1
D2.	Hoe fielt de babygeit him? <i>(wiis nei de babygeit yn it wetter, plaatsje 1)</i> (ITT as foarfal begjint)	Min/ bang/ yn gefaar/ benaud Wol rêden wurde	Goed/ bliid/ kâld/ oan it boartsjen Hat honger/ toarst Is kâld/ smoarch/ skjin/ dom	0 1
D3.	<i>(D3 allinnich freegje as it bern yn D2 in goed antwurd jout sûnder útlis/motivaasje. As yn D2 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D3 in punt en gear fierder mei D4.)</i> Wêrom tinkst dat de babygeit him min fielt/ bang is/ gefaar fielt ensfh.? ¹⁸	Omdat er yn it wetter fallen is/ net út it wetter komme kin/ ferdrinkt/ net swimme kin Hy ropt: "Help, ik ferdrink!" Babygeitsjes kinne net swimme (generyk antwurd)	Omdat er honger/ toarst hat/ oan it swimmen is/ yn it wetter boartet/ dêr net stean mocht	0 1
D4.	Wêrom springt de foks nei foaren? <i>(wiis nei plaatsje 3)</i> (Episoade 2: Doel)	Wol de babygeit pakke/ ite/ dea meitsje Wol de babygeit Om de babygeit te pakken/ dea te meitsjen Koe de babygeit net wjerstean Grypt/ nimt syn kâns as de mem net sjocht/ fier fuort is Foksen ite graach geitsjes (generyk antwurd)	Om mei de babygeit te boartsjen	0 1
D5.	Hoe fielt de foks him? <i>(wiis nei plaatsje 5-6)</i> (ITT as reaksje)	Min/ liik/ razend/ bang/ dom/ teloarsteld/ tryst/ hat fertriet/ hat (noch altyd) honger/	Goed/ bliid/ boartlik/ oan it draven	0 1
D6.	<i>(D6 allinnich freegje as it bern yn D5 in goed antwurd jout sûnder útlis/motivaasje. As yn D5 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D6 in punt en gear fierder mei D7.)</i>	Krige de babygeit net te pakken It slagge net (om de babygeit te pakken) Is bang (foar de fûgel) Omdat de fûgel byt/ biet Omdat de fûgel him oanfalt/ oanfoel	Omdat de foks fuortdraafde/ der sa útsjocht De fûgel pakte it iten fan 'e foks De fûgel wol de foks (op)ite Ik wit it net	0 1

¹⁸ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D2.

	Wêrom tinkst dat de foks him min fielt/bang is/ honger hat/ teloarsteld is ensfh. ? ¹⁹	Omdat de fûgel him achternei sit/ siet Omdat de fûgel yn 'e foks syn sturt byt/biet <i>As it antwurd op D5 is 'liik/min', dan kin it antwurd op D6 ek wêze: hat noch hieltyd honger</i>		
D7.	Wêrom byt de fûgel yn de sturt fan 'e foks? <i>(wiis nei plaatsje 5)</i> (Episoade 3: Doel)	Besleat (om) de babygeit te rêden/ helpen/ beskermjen Besleat (om) de foks tsjin te hâlden/ te stopjen Wol de babygeit rêde/ helpe/ beskermje Wol de foks tsjinhâlde/ stopje Om te soargjen dat de foks de geit gean/ los lit Om de babygeit te rêden/ helpen/ beskermjen Sadat de geit net opiten/ dea makke wurdt/ gjin pine hat	Wol sels de geit (op)ite Wol de foks (op)ite Wol boartsje mei de foks Fûgels haatsje/ hâlde net fan foksen (generyk antwurd)	0 1
D8.	Stel dy foar dat de fûgel de geiten sjocht? Hoe fielt de fûgel him? <i>(wiis nei plaatsje 6)</i> (ITT as reaksje)	Goed/ tefreden/ bliid/ opluchte/ foldien/ grutsk/ helpfearlich As in beskermer/ held Fynt it moai om se te beskermjen	Min/ liik/ razend/ dom/ spitich/ tryst/ hat fertriet/ hat honger/ fielt mei de geiten mei/ "Ik moat de foks pakke"	0 1
D9.	<i>(D9 allinnich freegje as it bern in yn D8 in goed antwurd jûn hat sûnder útlis/motivaasje. As yn D8 in korrekte útlis jûn is, jou dan yn D9 in punt en gean fierder mei D10.)</i> Wêrom tinkst dat de fûgel him goed/ tefreden/ bliid ensfh. fielt? ²⁰	Omdat er de foks stoppe/ tsjinhold Omdat er de foks fuort krige Omdat er de geit rêde/ help Omdat er sjocht dat de geiten feilich/ bliid binne/ gjin pine hawwe No komt de foks net mear werom	Omdat er laket/ der sa útsjocht Omdat er de foks net krige Wol sels de babygeit (op)ite Is liik op de foks	0 1
D10.	Wa fynt de memmegeit it aardichst, de foks of de fûgel? Wêrom?	De fûgel - jou op syn minst ien reden (hy rêde/ help de babygeit/ jage de foks fuort/ wie aardich foar de geiten)	De foks/ Ik wit it net/ oar net passend antwurd	0 1
D11.	Totaalskoare út 10:			

¹⁹ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D5.

²⁰ Brûk deselde ITT as troch it bern neamd yn it antwurd op D8.

Eftergrûnfragen

1. Namme fan it bern (foarnamme, efternamme) _____

2. Bertedatum _____

3. Giet jo bern op dit stuit nei de berneopfang/basissskoalle?

Ja, berneopfang
fanôf _____ (jier, moanne)

Nee

As dat sa is, hokker taal/talen wurde dêr praat?

- _____
- _____
- _____

Ja, basissskoalle
fanôf _____ (jier, moanne)

Nee

As dat sa is, hokker taal/talen wurde dêr praat?

- _____
- _____
- _____

4.a. As jo bern yn Nederlân berne is, yn hokker provinsje is jo bern dan berne?

Yn Fryslân

Yn in oare provinsje,
nammentlik:

4.b. As jo bern net yn Nederlân berne is, yn hokker lân is jo bern dan berne?

Yn lân fan T1,
nammentlik: _____

Yn lân fan T2,
nammentlik: _____

Yn oar lân,
nammentlik: _____

5.a. Sûnt hokker leeftyd wennet jo bern yn Fryslân? _____ (jier, moanne)

5.b. Sûnt hokker leeftyd wennet jo bern yn Nederlân? _____ (jier, moanne)

6. Plak yn 'e bernerij

1^e bern

2^e bern

3^e bern

Folje getal yn ____^e bern

7. Hoe âld wie jo bern doe't hy/sy syn/har earste wurden sei?

____ jier ____ moanne(n)

8. Hawwe jo wolris soargen hân oer de taal fan jo bern?

Nee

Ja, want _____

9. Hawwe jo yn 'e famylje spraak- of taalproblemen hân?

Nee

Ja, nammentlik _____
bgl. Mem, heit, broer(s), sus(sen)

10. Hat jo bern gehoarproblemen hân?

Gehoarsteurnis

Nee

Ja

Frekwinte earûnstekkingen

Nee

Ja, hoe faak? _____

buiskes (trommelfluesbuisjes)

11. Heart jo bern neffens jo normaal?

Nee

Ja

12. Ynformaasje oer de âlders

	Spesifisearje jo earste taal (T1)	Spesifisearje jo twadde taal (T2)	Spesifisearje de oare talen dy't jo prate	Hoe lang wenje jo al yn lân/provinsje XX?	Jo oplieding	Jo berop
Mem / Alder 1						
Heit / Alder 2						

13. Hokker taal prate jo mei jo bern?

Mem / Alder 1

- Myn earste taal (T1)
- Myn twadde taal (T2)
- Myn earste en myn twadde taal
- Oare taal/talen, nammentlik

Heit / Alder 2

- Myn earste taal (T1)
- Myn twadde taal (T2)
- Myn earste en myn twadde taal
- Oare taal/talen, nammentlik

14. Hokker talen praat jo bern no?

- T1 fan bern, nammentlik: _____
- T2 fan bern, nammentlik: _____
- Oare talen, nammentlik: _____

15. Oan hokker talen wurdtjo bern bleatsteld?

- T1 fan bern
- T2 fan bern
- Oare talen, nammentlik: _____

16. Op hokker leeftyd begûn by jo bern de bleatstelling oan de T2?

- Fanôf berte
- Foar 1 jier
- Foar 2 jier
- Foar 3 jier
- Foar 5 jier
- Fanôf _____ jier

17. Is jo bern bleatsteld oan de T2 fia

- Skoalle
- Mei freonen
- Mei broerkes/ suskes/ âlders/ oare famyljeleden
- TV/kompjûter/boeken
- Oars _____

18. Skat yn persintaazjes hoe faak oft jo bern bleatsteld is oan de ferskillende talen per dei (alle deistige aktiviteiten tegearre)?

Syn/har earste taal (T1)

- 25%
- 50%
- 75%
- 100%

Syn/har twadde taal (T2)

- 25%
- 50%
- 75%
- 100%

Oare taal/talen

- 25%
- 50%
- 75%
- 100%

19. Skat de taalfeardigens fan jo bern troch de passende kolom oan te krusen	Hiel goed	Ridlik goed	Net sa goed	Hiel min				
Hoe goed <u>ferstiet</u> jo bern syn/har earste taal (T1)?								
Hoe goed <u>ferstiet</u> jo bern syn/har twadde taal (T2)?								
Hoe goed <u>praat</u> jo bern syn/har earste taal (T1)?								
Hoe goed <u>praat</u> jo bern syn/har twadde taal (T2)?								
20. Hokker taal praat jo bern neffens jo it bêst?	<input type="radio"/> Syn/har T1 <input type="radio"/> Syn/har T2 <input type="radio"/> Oare taal, nammentlik _____							
21. Hat jo bern neffens jo in foarkar foar in bepaalde taal?	<input type="radio"/> Nee <input type="radio"/> Ja, nammentlik _____							
22. Jou oan hoe faak oft de folgjende aktiviteiten de ôfrûne moanne mei jo bern útfierd binne.	Syn/har earste taal (T1)			Syn/har twadde taal (T2)				
	Noait	Twa kear yn 'e moanne	len of twa kear yn 'e wike	Hast alle dagen	Noait	Twa kear yn 'e moanne	len of twa kear yn 'e wike	Hast alle dagen
Ferhaaltsjes fertelle								
Boeken lêze								
Nei ferskes lústerje of sjonge								
TV/ DVD/ Films sjen/Kompjûterspultsjes dwaan								

Ferhaalskripts

De ferhaalskripts hjirûnder tsjinje as stimuli foar Modelferhaal en Neifertelle. De skripts binne sawol foar makro- as foar mikrostruktuer en kinne brûkt wurde foar kodearring en analyse.

Yn 'e skripts hjirûnder is de markearring fan 'e komponinten fan 'e ferhaalstruktuer en fan 'e inerlike tastân termen op dizze manier oanjûn:

doel besykjen resultaat inerlike tastân termen

Babyfûgels (Totaal oantal wurde: 172)

Plaatsjes 1/ 2: Op in dei wie der in memmefûgel dy't *seach* dat har babyfûgels *honger hiene*. Se fleach fuort omdat se iten foar harren sykje woe. In *hongerige* poes *seach* dat de memmefûgel fuort fleach en *miaude*: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr yn it nêst?"

Plaatsjes 3/ 4: De memmefûgel kaam werom mei in grutte wjirm foar har bern, mar se *seach* de poes net. Se wie *bliid* mei de soppige wjirm foar har berntsjes. Yntusken begûn de *gemiene* poes yn 'e beam te klimmen omdat er in babyfûgel fange woe. Hy pakte ien fan 'e babyfûgels. In *dappere* hûn dy't foarby rûn, *seach* dat de fûgels yn grut gefaar wiene. Hy besleat de poes tsjin te hâlden en harren te rêden.

Plaatsjes 5/ 6: Hy *sei* tsjin de poes: "Lit de babyfûgels mei rêst." En doe krige er de poes syn sturt en luts him nei ûnderen ta. De poes liet de babyfûgel los en de hûn jage him fuort. De hûn wie hiel *bliid* dat er de fûgels rêde koe en de poes hie noch hieltyd *honger*.

Babygeiten (Totaal oantal wurden: 175)

Plaatsjes 1/ 2: Op in dei wie der in memmegeit dy't *seach* dat har babygeit yn it wetter fallen wie en dat er *bang* wie. Se sprong yn it wetter, omdat se him rêde woe. In *hongerige* foks *seach* dat de memmegeit yn it wetter lei en *grommele*: "Mmm, lekker, wat sjoch ik dêr op it gers?"

Plaatsjes 3/ 4: De memmegeit treau de babygeit út it wetter, mar se *seach* de foks net. Se wie *bliid* dat har berntsje net ferdronken wie. Yntusken sprong de gemiene foks nei foaren omdat er de oare babygeit fange woe. Hy pakte de babygeit. In *dappere* fûgel dy't foarby fleach, *seach* dat de babygeit yn grut gefaar wie. Hy besleat de foks tsjin te hâlden en de babygeit te rêden.

Plaatsjes 5/ 6: De fûgel *sei* tsjin de foks: "Lit de babygeit mei rêst." En doe fleach er nei ûnderen en biet yn 'e foks syn sturt. De foks liet de babygeit los en de fûgel jage him fuort. De fûgel wie hiel *bliid* dat er de babygeit rêde koe en de foks hie noch hieltyd *honger*.

Poes (Totaal oantal wurden: 176)

Plaatsjes 1/ 2: Op in dei wie der in *boartlike* poes dy't in giele flinter op in strúk sitten *seach*. Hy sprong nei foaren omdat er him fange woe. Yntusken kaam in *fleurige* jonge werom fan it fiskjen mei in amer en in bal yn 'e hannen. Hy *seach* nei de poes dy't de flinter achternei siet.

Plaatsjes 3/ 4: De flinter fleach gau fuort en de poes foel yn in strúk. Hy *die* him *sear* en wie hiel *lilk*. De jonge wie sa *skrokken* dat de bal him út 'e hân foel. Doe't er syn bal yn it wetter rôljen *seach*, *rôp* er: "O nee, dêr giet myn bal." Hy hie *fertriet* en woe syn bal werom hawwe. Yntusken *seach* de poes de jonge syn amer en *tocht*: "Ik wol in fisk pakke."

Plaatsjes 5/ 6: Tagelyk begûn de jonge mei in angel syn bal út it wetter te lûken. Hy *murk* net dat de poes in fisk pakt hie. Uteinlik wie de poes hiel *bliid* dat er sa'n lekkere fisk ite koe en de jonge wie *bliid* dat er syn bal werom hie.

Hûn (Totaal oantal wurden: 178)

Plaatsjes 1/ 2: Op in dei wie der in *boartlike* hûn dy't in grize mûs yn 'e buert fan in beam sitten *seach*. Hy sprong nei foaren omdat er him pakke woe. Yntusken kaam in *fleurige* jonge werom fan it boadskipjen mei in tas en in ballon yn 'e hannen. Hy *seach* nei de hûn dy't de mûs achternei siet.

Plaatsjes 3/ 4: De mûs draafde gau fuort en de hûn botste tsjin de beam oan. Hy *die* him *sear* en wie hiel *lilk*. De jonge wie sa *skrokken* dat er de ballon út 'e hân los liet. Doe't er syn ballon yn 'e beam fleanen *seach*, *rôp* er: "Oh nee, dêr giet myn ballon!" Hy hie *fertriet* en woe syn ballon werom hawwe. Yntusken *seach* de hûn de jonge syn tas en *tocht*: "Ik wol in woarst pakke."

Plaatsjes 5/ 6: Tagelyk begûn de jonge syn ballon út 'e beam te lûken. Hy *murk* net dat de hûn in woarst pakt hie. Uteinlik wie de hûn hiel *bliid* dat er sa'n lekkere woarst ite koe en de jonge wie *bliid* dat er syn ballon werom hie.